

It oersetten fan poëtyske teksten út de lytse profeten

Doe't Bob Prúksma my frege in bydrage oan dizze oersettersdei te leverjen oer it oersetten fan poëtyske teksten, moast ik weromtinke oan in moeting dy't wy as studinten yn Kampen ris hienen mei Nico ter Linden. Mei him woenen wy it ha oer narratyf preekjen. Mar doe't him frege waard nei syn metoade, antwurde er: "Methode? Ik rotzooi maar wat aan". No wol ik net sizze dat ik by it oersetten fan poëzy by de profeten mar wat omgriem, mar in metoade haw ik net. Ik lit my, behalve troch de Hebriuwske tekst, liede troch myn yntuysje. Dy yntuysje wurdt, tink ik, stjoerd troch, yn alle gefallen, twa dingen: myn gefoel foar taal en myn leafde foar poëzy. Ik tink al dat ik der foardiel fan haw dat ik in soad ûnderfining haw mei it oersetten fan lietteksten yn in Frysk. Mar ik soe ek net sizze kinne watfoar metoade ik dêrfoar brûk. It iennichste dat ik der al fan sizze kin is dat it oersetten fan lietteksten foar in grut part bestiet út besykjen en nochris besykjen.

Dochs haw ik de útnûging hjoed in bydrage te jaan oannaam, om't it my twingt ta refleksje op de oersettingen dy't ik oant no ta makke haw foar it projekt Fryske Bibeloersetting. Ien tekst haw ik yn it bysûnder mei folle wille oan wurke en dat is it liet fan Habakuk, dêr't syn boek mei ôfslút. As ien my freegje soe oft der tusken de oersettingen dy't ik makke haw ik stikken sitte dêr't ik sels wol wat grutsk op bin, dan soe ik dat haadstik neame.

Ik bin dêrom dy oersetting hielendal wer trochkrûpt, om de karren dy't ik makke haw om oan it poëtyske karakter fan de tekst rjocht te dwaan op it spoar te kommen. Ik tink dat yn dy karren prinsipes foar it oersetten fan poëzy foar it ljocht komme, dy't ek foar oare oersetters wichtich wêze kinne. Ik begjin lykwols mei it foarlêzen fan myn oersetting fan Habakuk 3, om't je it karakter fan in it gedicht dat it wurden is earst ris ûndergean moatte.

Oersetting

\c3 \v1 Gebed fan Habakuk, de profeet. Yn 'e trant fan 'e balladen.

\v2 **HEAR, ik haw heard wat jo seinen,
fan wat jo dwaan sille, HEAR, waard ik kjel.
Lit it yn ús tiid noch heve,
doch it yn ús tiid te witten¹,
mar ferjit yn jo grime jo barmhertigens net.**

יְהוָה שָׁמַעְתִּי שְׁמֵעָה
יְרֵאֵתִי יְהוָה פָּעַלְךָ
בְּקִרְבַּ שְׁנַיִם סִיְיָהוּ
בְּקִרְבַּ שְׁנַיִם תּוֹדִיעַ
בְּרִגְזוֹ רַתַּם תִּזְכּוֹר:

\v3 God komt fan Teman,

¹ Wie yn F3: lit it ús no mar fernimme,

de hillige fan de bergen fan Paran. *sela*

**Syn pracht hat de himel oerdutsen,
de ierde is fol fan syn gloarje.**

\v4 Syn gloarje jout glâns as it ljocht:

strielen gean út fan syn hân,
dêryn giet syn sterkte beskûl.

\v5 Foar him út giet de pest,
gleonte ûntspringt yn syn spoar.

\v6 Hy hoecht mar ho te dwaan en de ierde skoddet,
hy hoech mar ta te sjen en folken skrilje op,
alâlde bergen falle yn poeier
en ivige heuvels krimpe yninoar.

Sa giet er syn ivige gong.

\v7 Under it ûnheil seach ik de tinten fan Kûsjan,
de kleden fan Midjans lân klapperje.

\v8 Lôget tsjin rivieren jo liikens, o HEAR,
jo grime tsjin rivieren of see,
dat jo jo hynders beride,
jo weinen fan rêding?

\v9 **Jo helje jo bôge tefoarskyn:
in oermacht oan sjitark. Jo sprekke *sela*,
en spjalte de ierde, rivieren ûntstean.**

\v10 As se jo sjogge, beve de bergen,
in stjalprein fan wetter jaget foarby,
de oersee ferheft syn lûd,
hy stekt syn hannen omheech.

\v11 Sinne en moanne stean stil yn har boppeseal,
se gean oan 'e kant foar it ljocht fan jo pylken,
foar de glâns fan jo blinkende spear.

\v12 Jo trêdzje yn liikens oer de ierde,
ferwâdzje mei grime de folken.

\v13 Jo binne op 'en paad gien om jo folk te rêden,
te rêden de man dy't jo salve ha.

Jo hawwe de ferkearde it dak fan it hûs raamd,

כָּסָה שָׁמַיִם הוֹדוּ
וּתְהַלְתוּ מִלְאָה הָאָרֶץ:

הַלִּיכּוֹת עוֹלָם לוֹ:

עָרְיָה תַעֲזוֹר קִשְׁתָּךְ
שָׁבְעוֹת מַטּוֹת אָמַר סֵלָה
נִהְרֹת תִּבְקַע־אָרֶץ:

de grûnslach bleatlein oant op de rots. *sela*²

\v14 Jo hawwe mei syn eigen wapens

it haad fan syn striders trochboarre,

al stoarmje se ek op my oan

om my út it stee te triuwen,

domdryst, as soenen se de ellindige stikem

fersline.

\v15 **Jo binne jo wei troch de see gien, jo hynders:**

it brûzen fan machtige baren.

דַּרְכֵי בָּיִם סוּגִיָּה

הָמָר מֵיָם רַבִּים:

\v16 Ik haw harke, en beefde oer al myn lea,

fan wat ik hearde, trillen myn lippen.

bedjer friet myn bonken oan,

ik beef djip fan binnen,

no't ik de dei fan 'e benearing ôfwachtsje moat

dy't it folk oerkomt dat ús oanfalt.

\v17 Al bottet de figebeam net út

en smite de wynstokken neat op,

bliuwt de frucht fan 'e olivebeam út

en bringe de ekers gjin iten op,

is it lytsfee ferdwûn út 'e koai

en stiet der gjin ko mear yn 'e jister,

\v18 Ík bin fleurich om de HEAR,

jubelje foar de God dy't my rêdt.

\v19 God de HEAR is myn sterkte,

hy makket my lichtfuottich as reeën,

ik fyn myn wei oer de grutste hichten.

Foar de kantor. Mei snarespul.

² Dat wurdje miste noch yn F3

Refleksje

Dêrmei haw ik fuortendaliks al ien kritearium fûn om it karakter fan de oersetting fan in gedicht te checken: Hoe klinkt dyn oersetting dy sels yn de earen? Neffens my is dy check by gâns oersettingen oerslein. Net allinnich by de HSV, dêr't dat op grûn fan de keazen oersetprinsipes logysk is, mar ek by de NFBO. Nim allinnich it iepeningsfers, fers 2 dus, sa't it yn de NFBO werjûn is:

Heare, ik haw jo boadskip heard
en jo wurk, Heare, haw ik sjoen.
Meitsje it wier, foardat de jierren om binne;
lit it ús gewaar wurde, foardat de jierren om binne.
Tink ek yn 'e grime om jo barmhertichheid.

Op it nivo fan de ynhâld is dat oer it algemien in adekwate oersetting³. Mar op it nivo fan de foarm net, want dy is net poëtysk, mar prozaysk. It is ûnmooglik om dy metrysk foar te lêzen, want der sit gjin metrum yn. Dan docht de WBV it better:

HEER, ik heb uw tijding vernomen,
vol ontzag ben ik, HEER, voor uw werken.
Laat die herleven in onze tijd,
maak ze ons in deze tijd bekend;
denk in uw woede aan uw barmhartigheid.

Yn dy oersetting sit in moaie kadâns. De earste sin klinkt yn it Hebriuwsk sa:

^adonāj šāmatī šim^{ca}kā

Dan hearre je fuortendaliks wol dat der wurdboarterij sit tusken *šāmatī* en *šim^{ca}kā*. It wurd dat de WBV oerset hat mei 'tijding' en de NFBO mei 'boadskip' is ôflaat fan deselde stam, it tiidwurd *šm^c*. Soe it myn doel wêze en skriuw Hebrysk, dan soe ik oersetse: 'Hear, ik haw jo hearsel heard'. Sa rûch giet it ek yn de Naardense Bijbel net. Want dy set oer:

Ene,
toen ik het ongehoorde van u hoorde
werd ik bevangen van ontzag

Al treft it wurd 'ongehoord' wol de toan fan Habakuk 3, *šim^cakā* betsjut net 'ongehoord', mar 'wat u laat horen'. Neffens my is it suffiks fan de twadde persoan inkelfâld: jo, wichtiger is as dy wurdboarterij. Yn myn oersetting hat dat de klam krigen: 'Hear, ik haw heard wat jo seinen'. Dat hat in

³ Utsein miskien 'foardat de jierren om binne'. Je kinne fansels sizze dat in oersetting net dúdliker hoecht te wêze as it orizjineel. Mar *b^eqèrèm šānajim*, letterlik: 'binnen jierren', betsjut neffens my net mear as wat der yn de NBV21: 'in deze tijd'. De NFBO hat hjir neffens my in poëtyske diznichheid dy't it Hebriuwsk net hat.

prachtige kadâns en dêrmei haw ik de poëzij neffens my mear rjocht dien as wannear't ik dy wurdboarterij oersetten hie.

By it oersetten fan it twadde sindiel docht him in oar probleem foar⁴. Yn it Hebriuwsk stiet der:

jārē'tī^a donāj pā^cāl^ekā

Dat lêste wurd betsjut: jo wurk, jo died. Habakuk hat dus ûntsach foar wat God docht. Mar wêr slacht dat krekt op? It liket derop dat de WBV dat útleit as Gods grutte deden yn it ferline. Want it folgjende sindiel wurdt oersetten as: 'Laat die herleven in onze tijd'. Mar sa wurdt neffens my gjin rjocht dien oan it parallellisme. Want 'HEER, ik heb uw tijding vernomen', dat slacht op it boadskip dat Habakuk sels heard, op it fisjoen dat Habakuk sels sjoen hat. It leit mear foar de hân dat 'jo wurk, jo died' ek slacht op wat Habakuk te hearren en te sjen krigen hat. Neffens my hat de NBV dat goed oanfield: 'voor wat U gaat doen heb ik ontzag'. No soenen je hjirfan sizze kinne dat dat mear te krijen hat mei eksegeze as mei poëzy. Mar it wurdt in oar ferhaal as dy mear parafresearjende oersetting poëtysker oandocht:

HEAR, ik haw heard wat jo seinen,
fan wat jo dwaan sille, HEAR, waard ik kjel.

Dat hat in prachtich metrum. Je sjogge ek dat ik it tiidwurd *jr'* (freezje) ûndûbeldsinnich oerset haw as 'kjel wurde' yn stee fan 'ûntsach hawwe'. As Habakuk kjel wurdt fan wat God fan doel is, is ek dúdliker wêrom't er God yn it lêste sindiel freget om yn syn grime syn barmhertigens net te ferjitten. Mar dat Habakuk de grize oer de grouwe gie doe't er hearde wat God fan doel wie, wie al út haadstik 1 en 2 bekend. Wêrom freget Habakuk God yn it tredde en fjirde sindiel dan faasje te meitsjen mei de útfiering fan syn plannen? Alderearst omdat der net mei te libjen falt as sa'n fisjoen mar as in swurd fan Damokles boppe je hingjen bliuwt. Mar ek omdat Habakuk leaut dat God ek yn de wei fan it oardiel de rêding fan syn folk siket. Dêrom oan de iene kant:

Lit it yn ús tiid noch heve,
doch it yn ús tiid te witten⁵,

mar oan de oare kant:

ferjit yn jo grime jo barmhertigens net.

⁴ Dan bedoel ik net dat de NFBO net útgiet fan de masoretyske tekst, mar fan in rekonstruksje. Om it parallellisme sterker te meitsjen giet de NFBO net út fan it tiidwurd *jr'* (freezje), mar fan *r'h* (sjen). Tsjintwurdich binne wy wat hoedener mei sokke emendaasjes.

⁵ Wie yn F3: lit it ús no mar fernimme.

No stiet der yn it Hebriuwsk net negatyf: 'ferjit jo barmhertigens net', mar posityf: *zkr*, 'tink oan jo barmhertigens'. Ik haw foar de negative formulearring keazen, net allinnich omdat dat de ritmyk te'n goede komt, mar ek omdat neffens my sa earst goed útdrukt wurdt wat Habakuk bedoelt. As hy God freget oan syn barmhertigens te tinken, docht er dat om't er in fisjoen sjoen hat dêr't gjin spoar fan barmhertigens yn werom te finen wie. It kin dochs net sa wêze dat God syn barmhertigens fergetten is? Dat is wat er tsjin God seit, as er him freget noch oan syn barmhertigens te tinken. Ik haw dêrom keazen foar de oersetting 'net ferjitte', net allinnich om de ritmyk, mar ek om de emosjonele lading.

It oersetten fan poëtyske teksten is nifelwurk, dat mei dúdlik wêze. Mar meitsje jim gjin soargen, ik sil net op alle details fan Habakuk 3 sa detaillearre yngean, mar allinnich noch dingen foar it ljocht bringe dy't wat tafoegje oan wat ik oant no ta sein haw.

It earste dêr't wy fuortendaliks tsjinoan rinne yn it folgjende fers, is dat net oeral poëzy fan te meitsjen falt.

God komt fan Teman,

dat stiet er, mear poëzy kin ik der net fan meitsje. Dochsjogge wy yn itselde fers dat it somtiden genôch is om te sizzen wat der stiet om poëzy te krijen. Nim it tredde en fjirde sindiel:

Syn pracht hat de himel oerdutsen,
de ierde is fol fan syn gloarje.

Dat stiet der as je it Hebriuwsk ien op ien yn it Frysk oersette. Mar útsein de HSV en de NaBij brûkt gjin inkelde oersetting it wurd 'bedekke' of 'oerdekke'. NBV: 'Zijn glorie straalt aan de hemel', WBV: 'Zijn luister overstraalt de hemel', NFBO: 'Syn Majesteit rint de hiele himel oer', ek wer in oersetting sûnder metrum. Faaks soe ik ek om wat oars socht ha, as it net sa moai klonken hie. Soms sit der al genôch poëzy yn it letterlike oersetting en wurdt it troch allegear geparafrasear allinnich mar prozaysker.

In foarbyld fan in letterlike oersetting dy't geweldige poëzy opsmyt, mar wat dochs mar net wêze moat, fine wy in fers 6:

Hy hoecht mar ho te dwaan en de ierde skoddet,
hy hoech mar ta te sjen en folken skrilje op,
alâlde bergen falle yn poeier
en ivige heuvels krimpe yninoar.
Sa giet er syn ivige gong.

It giet my om dat lêste sintsje, dêr't dat fers yn ta rêst komt. Set ik dat ien op ien oer yn it Frysk, dan stiet der: 'ivige wegen fan him'. Behoffenje dat in bytsje en je krije: 'Fan him binne de ivige wegen'.

Dat is prachtige poëzy, dy't ek nochris útnûget ta teologyske meditaasje. Ik soe my yntinke kinne dat in dominy oan de rjochterkant fan it grifformearde spektrum it wetter yn 'e mûle rint by de wurden: "Fan him binne de ivige wegen". Dochs falt sa'n ultra-grifformearde dichtrigeltsje wol wat út de toan. Neffens my is dat rigeltsje mear in konklúzje út de foarige rigels en moat it dêrom sa oersetten wurden: "Sa giet er yn ivige gong". Ek dat is in dichtrigel mei in moaie kadâns.

Somtiden kin in moaie kadâns yn de oersetting ek de yndruk jaan dat it Hebriuwsk sels mar moai rint. Dat is net altiten it gefal. Bygelyks yn fers 9. De Hebriuwsk tekst is slim bedoarn en is sûnder konjektueren net oer te setten. Omdat we tsjintwurdich kieze foar de lêzing dy't it tichtst by de masoretyske tekst bliuwt, bliuwt der in foarm fan it tiidwurd 'mr (sprekke) stean. Yn de WBV wurdt dat wat al te moai: 'uw woord wordt een regen van pijlen'. It wurd dat der stiet betsjut gjin pylken, mar slacht nei alle gedachten op de bôgestêf, dat is de bôge sûnder pees. Mar 'bôgestêf' is in wurd dat ik net brûkber fyn. Dêrom haw ik derfan makke:

Jo helje jo bôge tefoarskyn:
in oermacht oan sjitark. Jo sprekke *sela*,
en spjalte de ierde, rivieren ûntstean.

Dy lêste sin is ek in parafrase, want der stiet net mear as: 'rivieren, jo spjalte de ierde'. Wat betsjut dat: *Mei* rivieren spjalte jo de ierde? Ik haw dêrom keazen foar in parafrase dy't itselde seit as de NFBO. Dy hat:

Jo litte de ierde spjalte, dat der rivieren komme.

Mar dan fyn ik dochs moaier en set oer:

jo spjalte de ierde, rivieren ûntstean.

Mar it slagget net altiten om in tekst dy't him swier oersette lit yn in moaie kadâns te fetsjen. De oersetting fan fers 14 bygelyks bliuwt wat stûf:

Jo hawwe mei syn eigen wapens
it haad fan syn striders trochboarre,
al stoarmje se ek op my oan
om my út it stee te triuwen,
domdrist, as soenen se de ellindige stikem fersline.

Mar dat stiet der en mear kin ik der net fan meitsje. Dat wy moatte it der mar mei dwaan. Gelokkich is it fers dêrnei wol wer tige slagge:

Jo binne jo wei troch de see gien, jo hynders:
it brûzen fan machtige baren.

En dochs haw ik net mear dyn as it Hebriuwsk ien op ien oersetten yn it Frysk. As je ien kear hearre hoe moai dat klinkt, ha je der gjin ferlet mear fan en parafralearje de boel wat, lykas sawat alle oersettingen dogge, dy't it ferhâldingswurd *mei* ynfoegje: 'U betrad de zee *met* uw paarden' (sa HSV).

Konklúzje

Wat smyt it neirinnen fan myn oersetting fan Habakuk 3 no op? Ik tink dat wy sa dochs dingen op it spoar kaam binne, dêr't ek oare oersetters har winst mei dwaan kinne.

Lês dyn oersetting lûdop oan dysels foar. Binne der linige fersrigels ûntstien of stroffelest oer dyn eigen tekst om't de klammen hieltiten ferkeard falle?

In middel om dêr wat oan te dwaan is: skowe mei de wurden. Falt de klam better by in oare wurdfoarder? De grins is wat my oanbelanget wol dat dy foarder net liede mei ta ûnnatuerlik Frysk. Om in Hollânsk foarbyld te nimmen, út de Psalmoersetting fan Ida Gerhardt en Marie van der Zeyde: Ut har oersetting fan Psalm 139 binne my de rigels bybleaun: 'Sla dan, God, de afvalligen neer – o, had van hun moordlust ik vrede'. Dat hat fansels in moaiere kadâns as: 'o, had ik van hun moordlust vrede'. Doch kin dat sa neffens my net.

In oar middel is it sels betinken fan synonymen. Wat dat oanbelanget is der gjin ferskil mei it oersetten fan lietteksten. It digitale FHW en it webstee Frysker binne dêrby in wichtige help. Wês dus net te gauw tefreden mei dyn earste oersetting. Do kinst itselde faaks op wol tsien oare manieren sizze. Oan de oare kant, by it oersetten fan in liettekst dy't je sjonge moatte kinne, moat it tal wurdliiden presys passe. Dat betsjut dat in oersetter der somtiden foar kieze moat de foarm boppe de ynhâld te stellen. By it oersetten fan poëtyske teksten út de Bibel sil ynhâld boppe foarm gean moatte. As in rigele dan ris in kear want minder linich klinkt, dan is dat mar sa.

Itselde kinne je sizze fan it oersetten fan wurdboarterij. Moatte je besykje sa'n stylskaaimerke ek yn je oersetting mei te nimmen? It soe moai wêze at dat koe. In bekend foarbyld is 'rechtsbetrachting – rechtsverkrachting' út Jesaja 5. Mar yn de measte gefallen ropt it resultaat foaral ferfrjemding en yrritaasje op, tink ris oan dy 'roodbloedige mens' út de Naardense Bijbel, dy't klinke moat nei de reade grûn dêr't er út naam is. Yn sokke gefallen liket it my better en set yn in fuotnoat dat der in wurdspul is tusken twa wurden.

Ik fûn altiten dat de NBV in moai fynst dien hie by de oersetting fan it liet fan Adam uit Genesis 3:

een die zal heten: vrouw,

een uit een man gebouwd.

Mar yn de refyzje fan de NBV21 stiet der ûnderwilens al wer wat oars:

Vrouw wordt zij genoemd,
genomen uit een man.

Skande, mar it is altiten noch better as ‘man – mannin’, dat der oant tweintich jier lyn noch stie.

Sels haw ik, foarsafier’t ik wit, mar ien kear besocht wurdboarterij yn it Frysk oer te setten en dat is yn

Sefanja 2,4. Yn de NFBO stiet:

Want Gaza wurdt in ferlitten oarde
en Asjkelon in neakene púnheap,
Asjdod – it folk sil der midden op ‘e dei útjage wurde,
Ekron wurdt ûntwoartele.

Mar de straf dy’t al dy stêden ûntfange, hat te krijen mei hoe’t se hjitte. Ik haw it sa oersetten: “Gaza sil ferlitten wêze, Asjkelon wurdt jiskelân, Asjdod wurdt by dei in spûkstêd, Ekron wurdt fan it anker slein”. Dêrfan is ‘Asjkelon wurdt jiskelân’ it bêst slagge. Yn de oare gefallen haw ik socht nei foarmen fan assonânsje.

Yn it algemien moatte je der om tinke dat in oersetting gjin parafraze wurdt. Mar by poëzy moat dat al hielendal net. Doch it earst ris mei de wurden dy’t der steane. Benammen yn poëzy is it net slim as de wurden net op slach dúdlik binne. As se mar in magyske klank hawwe, dy’t útnûgje it geheim te rieden.

Mar it moat ek net sa wêze dat de oersetting in oar riedsel befettet as it Hebriuwske orizjineel.

Oersette is net itselde is útlizze. Mar it kin my net yntinke dat ien in oersetting ôfleveret dy’t er sels net begrypt. Ik tink dat poëtyske teksten wat mear romte jouwe om dinkjes út de útlis in plak te jaan, salang’t dat de klank en de kadâns fan in rigele stipet.

De lêste beide punten dy’t ik no neamd yn striid mei elkoar: Wês foarsichtich mei parafrasen. Mar pas se yn poëzy foaral ta. Dat is krekt liket slim yn striid mei elkoar as de Spreuken: ‘Antwurdzje de dwaas net neffens syn dommens’, en: ‘Antwurdzje de dwaas mar neffens syn dommens’. It lit allinnich mar sjen dat it oersetten fan poëzy net yn in metoade te fetsjen is. It hat alles te krijen mei fynfielendheid by lêzen en oersetten.